


# DÊROM FRYSK

## KLASSEMINT



**TIP!**

Mear lesbrieven of  
fotoframes bestelle?  
Stjoer in mailsje nei  
searje36@afuk.frl

**STAP-FOAR-STAP**

### Organisaasje

Tiid: 2 lesueren

Nedich: digiboerd, laptop/telefoan en earkes per learling, lesbrieven, fotomapkes

### Praktysk

- ▶ Gean nei [searje36.klassemint.frl/dosint](http://searje36.klassemint.frl/dosint)
- ▶ Meitsje dyn klasse(n) oan om in (QR-)koade te krijen.
- ▶ Asto ien kear ynlogd bist, sjochst boppe-oan dyn dosintekoade stean. Bewarje dy goed! Mei de koade kinst letter ynlogge om dyn klasse(n) en resultaten yn te sjen.
- ▶ Lit de learlingen de QR-koade fan harren klasse scanne mei de telefoan. Wurkje se op de laptop? Lit se dan de link ûnder de QR-koade oernimme.
- ▶ Alle learlingen kinne yndividueel de portretten besjen en stimme. Dat duorret sa'n 20 minuten foar alle filmkes.
- ▶ Lit de learlingen as se klear binne in foto (of printscreen) fan harren skerm meitsje. De foto is nedich foar it ferfolch.
- ▶ Hat de klasse stimd? Dan is it tiid foar de lesbrieff. Dy is op papier, mar ek digitaal fia Searje 36 beskikber.
- ▶ Foar in koartere les meitsje de learlingen opdracht 1, 2 en de Einopdracht. Foar mear ynhâld en ferdjipping dêrfoar litst de learlingen ek opdracht 3 o/m 8 meitsje.
- ▶ Underdiel fan de Einopdracht is it fotomapke. Hingje nei ôfrin fan de les alle mapkes op yn it lokaal om fan inoar te learen en it Frysk sichtber te meitsjen!

***Oanfoljend op de lesbrieff kinst in klassepetear fiere.***

***Brûk dêrfoar de makke opdrachten, mar ek fragen lykas:***

- ▶ Stie by dy deselde persoan yn beide gefallen op 1? Wêrom wol/net?
- ▶ Stie by dy deselde persoan yn beide gefallen op 1? Wêrom wol/net?
- ▶ Sieten der opfallende ferskillen yn dyn twa rankings? Hoe komt dat?
- ▶ Watfoar ferhaal hat dy oan it tinken set? Wêrom?
- ▶ Yn watfoar ferhaal hasto wat nijs heard? Wat?

**TIP!**

Hingje de poster WÊROM  
FRYSK op yn it lokaal of  
op 'e gong

**afuk**

**Cedin**



**SJBMEDIA**  
COMMUNICATIE